

Namme	Basissynformaasje Projekt Fryske Bibeloersetting (FBO)
Eigenaar	Wurkgroep Fryske Bibeloersetting
Underwerp	Basisynformaasje
Datum	Jannewaris 2021
Status	Definitief

Algemien

Doelstelling

It projekt Fryske Bibeloersetting (FBO) hat as doel in nije bibeloersetting yn it Frysk ta te rieden en wol it Wurd fan God yn hjoeddeisk Frysk fersteanber meitsje.

Organisaasje

Ut namme fan de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst (YKFE) liedt de Wurkgroep Fryske Bibeloersetting (WFBO) it projekt FBO, dat in nije oersetting fan de Bibel yn it Frysk ta stân bringe sil.

De WFBO fungearret as einredaksje; de koördinator makket dêr diel fan út. De WFBO beslist oer de tekst en leit dy oan de YKFE foar.

It projekt wurket mei in tal oersetters foar it Alde Testamint en foar it Nije Testamint. Fergoedings foar it wurk fan oersetters, korrektoaren en redakteuren wurde regele troch de Stifting YKFE-FBO. De Klassis Fryslân fan de Protestantske Tsjerke yn Nederlân (PKN) hat yn oktober 2018 syn stipe oan it projekt tasein. Salang't it proses rint, binne der in stikmannich meilêsgroepen. De Fryske Akademy sil oer it Fryske taalgebrûk rieplachte wurde.

Oersetproses

It oersetwurk wurdt útfierd troch oersetters dy't sawol de boarnetekst as it Frysk kenne. It proses bestiet út ferskate fazen dêr't de oersetting hieltyd foar in part yn foarlein wurdt oan de redaksje, dy't mei de oersetters oerlis hat oer ferbetterings en úteinlik de tekst fêststelt. Der is in eksterne omgong dêr't de tekst yn foarlein wurdt oan in tal meilêsgroepen mei eksplisite fragen oer lêsberens en begryplikheid. Oan de foarlêsberens wurdt ek omtinken bestege.

Utgongspunten foar it oersetten

Ynlieding

De Bibeltekst wurdt oerset fan de wenstige boarneteksten yn hjoeddeisk Frysk. As boarnetekst jilde de gongbere útjeften fan de BHS en it NTgr (NA). Dêrneist wurde guon oersettings as referinsje brûkt, benammen de NBV en de NFB-78, mar leafst ek ien of mear bûtenlânske oersettings. By it oersetten wurdt rekken hâlden mei eigenskippen fan taal, kultuer, kontekst en tekstskiednis. De oersetmetoade giet fan de folgjende útgongspunten út: de betsjutting fan de boarnetekst wurdt rjocht dien en oerset yn begryplik Frysk; de oersetting wurdt dêrby net begrypliker of moaier makke as dat de boarnetekst is.

Taal

Oersetten wurdt dien fan de iene taal, de boarnetaal, yn de oare, de doeltaal. Talen ferskille yn wurdgebrûk, sinskonstruksje, idioom, ensfh. It Hollânske 'Ik heb ... nodig' is yn it Frysk 'Ik bin ... nedich'; it Ingelske 'I need to eat' wurdt 'ik moat nedich ite'. It is dúdlik dat 'bin' net 'heb' betsjut, mar dat it giet om de hiele útdrukking, it idioom. Sa ferskilt de grammatika ek fan taal ta taal. Yn Numeri 6:26 set de NBV oer: 'moge de HEER u vrede geven', de BGT hat 'de Heer zal jullie vrede geven', wylst hjir taalkundich sjoen better sein wurde kin: 'laat de Heer vrede voor jullie bereiden.' Foar de FBO geane wy der primêr fan út dat de ferskillen tusken boarnetaal en doeltaal net werom te sjen binne yn de oersetting; de oersetting foldocht oan de taalregels fan it Frysk.

Kultuer

De bibelteksten komme út in oare tiid en kultuer as uzes. Dat ferskil bliuwt te sjen yn 'e oersetting. Kulturele saken (mjitten en gewichten, beroppen ensfh.) wurde oernommen sa't se yn 'e bibeltekst funksjonearje: in sjekel wurdt gjin euro. De kontekst makket hast altiten dúdlik wêr't it om te rêden is. Wêr't de doelttekst ûnbegryplik wurdt (byg. yn in metafoar of in ferliking), kin in útlis helpe. Faaks soe in list mei soksoarte termen efteryn de oersetting taheakke wurde kinne.

Tekst

Wy sette de tekst oer as gehiel: wurden hawwe in funksje binnen in sin, sinnen krije har betsjutting binnen it gehiel fan 'e tekst. In bibelboek is de tekst, perikopen wurde begrepen en útlein binnen dat gehiel, en sels it bibelboek stiet yn in bredere kontekst fan oare bibelboeken en binnen de yntertekstualiteit fan it Hebriuwsk of Grykske tekstkorpus wat kultuer en skiednis oanbelanget. De kontekst fan it oanbelangjende bibelboek is altiten primêr. Dat betsjut dat bygelyks Jesaja 9 en 11 net oerset wurde yn it ljocht fan in NT-tekst.

Konkordânsje

As binnen ien tekstgehiel (bibelboek of perikoop) in bepaald wurd (of begryp: útdrukt yn in oare wurdsoarte) mear as ienris foarkomt, dan kinne wy te krijen hawwe mei in motyf of, op

tekstnivo, mei in tema. Yn de oersetting moat sa'n motyf of tema sichtber bliuwe. Dat hoecht lykwols net altiten troch it oanbelangjende wurd of de wurdstam te werheljen. Ofhinklik fan 'e mooglikheden en de eigenskippen fan it Frysk kin der wurke wurde mei synonimen, wurden binnen itselde wurd fjild, of in omskriuwing.

Ambigüiteit

By in dûbeldsinnige tekst wurdt de ambigüiteit ek oerset en net weimakke. De oersetting wurdt yn prinsipe net dúdliker as de boarnetekst.

Byldspraak

Byldspraak wurdt yn prinsipe hanthavene. As de byldspraak foar de lêzer ûnbegryplik is, kin in eksplisitearring brûkt wurde. It foarbyld fan Eep Talstra oer 'The proof of the pudding is in the eating' jout goed oan, hoe't wy mei byldspraak omgean wolle.

Oersetten, net útlizze

Oersetten wurdt dien foar minsken dy't de boarnetaal net lêze kinne, oft dat no Dútsk of Ingelsk of Gryksk of Hebriuwsk is. De boarnetaal wurdt dêrom oerset yn begryplik Frysk en net yn in foarm dy't allinnich begryplik is foar minsken dy't de boarnetalen kenne. Mar de oersetter moat der ek om tinke dat er de kennis dy't er hat (en dy't net as sadanich yn de tekst stiet) net yn de oersetting bringt. Der is in skerp ferskil tusken oersetten en útlizzen. Utlizzen kin him uterje yn mear sizze as 'wat der stiet', mar likegoed yn minder sizze as 'wat der stiet', troch inkeld de wurden te folgjen sûnder acht te slaan op de betsjutting. Eksplisitearjen kin allinne by ûnbedoelde ûndúdlikens, byg. by de talrike kearen yn de Evangeeljes dêr't in stik begjint mei 'hy', as Jezus bedoeld is en de lêzer dat net daliks witte kin, of as in byld foar lêzers fan it Frysk ûnbegryplik is.

Praktyske ofspraken

Perikopen

De perikoopyndieling nimme wy yn prinsipe oer út NFB-78 en NBV. As de oersetter dêrfan ôfwike wol (of fan ien fan beiden ôfwike wol), moat de oersetter dat oanjaan, en dan nimt de redaksje in beslút.

Opskriften

De oersetter docht in útstel op basis fan syn of har eigen oersetting en fan de opskriften fan NFB-78 en NBV. De redaksje nimt in beslút.

Sitaten binnen de Bibel

By sitaten yn it NT út it AT is de NT-kontekst liedend. Soms wurdt oanhelle út 'e Masora, mar meastal út 'e Septuaginta. Foar de oersetting makket dat neat út. Oerset wurdt it Grykske oanbod yn de NT-tekst. Unnedige fariaasjes tsjinoer de niisneamde (AT) tekst meie redigearre wurde, mar de NT-tekst en kontekst bliuwe liedend. Yn alle gefallen jildt dat taalkunde, de linguistyske analyze, boppe de eksegeze giet.

Godsnamme

Yn it Alde Testamint wurdt de Godsnamme (YHWH) werjûn mei 'de HEAR', mei 'HEAR' yn lyts kapitaal om it ferskil sichtber te hâlden mei de 'gewoane' oantsjutting 'hear'.

Earbiedskapitalen

By persoanlike foarnamwurden dy't ferwize nei God, Jezus of de Geast wurde gjin earbiedskapitalen brûkt. Ek as it soms yn in kontekst net dúdlik is wêr't 'hy' op slacht, wurdt in earbiedskapitaal net brûkt as eksegetysk beslút. Haadletters wurde wol brûkt foar wurden as 'Heit', 'Hear' of 'Wurd', as dy nei God of Jezus ferwize. Metafoaren foar God of Jezus wurde net mei haadletter skreaun: 'hoeder' en 'wei', net 'Hoeder' en 'Wei'.

Komma's

It wichtichste útgongspunt is dat in komma in lêzer helpe moat om de sin goed te lêzen, lykas by opsommingen. As der by it foarlêzen in pauze heard wurdt, wurdt in komma setten. Fierder is wichtich: tusken twa persoansfoarmen altyd in komma (ek yn koarte sinnen), faak ek foar byn wurden (want, om't, ensfh.), mar net foar 'dat' as in ynhâldlike bysin folget. Ek jildt de grammatikale komma, dy't it ferskil oanjout tusken: 'Dy man dy't op 'e dyk rint, is myn omke' en 'Dy man, dy't op 'e dyk rint, is myn omke'. It earste kwalifisearret 'dy man' (ferplichte ynformaasje), by it twadde wit men al wa't it is en kriget men yn de bysin allinnich mar ekstra ynformaasje.

Utropteken

In útropteken wurdt brûkt nei in sin dy't in hiel nijsgjirrige boadskip hat, of om dúdlik te meitsjen, dat de sprekker lûd praat. Om't in útropteken ek in emosjonele lading hat, brûke wy it ek sa min mooglik. De oersetter moat in útropteken altyd ferantwurdzje.

Oanhellingstekens

In oanhellingsteken wurdt brûkt yn direkte rede (De frou sei: 'Jou my te drinken.'). As oanhellingsteken wurdt altyd it inkele hege teken brûkt, mei ûnderskied tusken iepenings- en slutingsteken: dus net 'sa' of ,sa' of 'sa' mar 'sa'. By ferdûbeling fan de direkte rede wurdt it dûbele oanhellingsteken brûkt ('Hy sei: "...") As him noch in tredde laach foardocht kin weromfallen wurde op in inkeld oanhellingsteken. Der kin dan lykwols ek yn beried nommen wurde om de sinnen in oare struktuer te jaan.

Formules, fêste útdrukkingen ensfh.

Guon fêste útdrukkingen komme yn mear boeken foar. De redaksje nimt in beslút, yn hokker gefallen oft sokke útdrukkingen itselde oerset wurde moatte, en wannear't dat net nedich is. Yn it earste gefal beslút de redaksje ek oer de oersetting. Twa foarbylden:

¶ adelfoi De oansprekfoarm adelfoi yn 'e NT-brieven (bygelyks Romeinen 12:1) wurdt oerset mei 'bruorren en susters'.

¶ Christos lêsous en lêsous Christos Oeral wurdt de wurdfoarder fan de wurden 'Jezus Kristus' en 'Kristus Jezus' oerset lykas dat yn 'e boarnetekst foarkomt.

Oare wurden en útdrukkingen moat noch in beslút oer komme. Dat jildt bygelyks foar alle bibelske nammen. Mar tink ek oan:

¶ tora

¶ avot

¶ amên amên legô humin

¶ en Christôi

¶ charis

¶ apostolos, episkopos, diakonos

Transkripsje en sitaten yn stikken

Yn dit stik en oare stikken dy't de WBO skriuwt of skriuwe lit foar it projekt, wurde Hebriuwsk en Gryksk yn transkripsje en kursyf werjûn. Oersettings fan 'e oanbelangjende wurden, wurdgroepen of sinnen komme dêrefteroan tusken inkelde skrapkes. Foarbyld: anastêthi kai poreuou ('kom oerein en rin ris in eintsje').

Doel en doeltaal

Doeltaal

De doeltaal is Frysk, benammen hjoeddeisk Frysk. Yn prinsipe stiet lykwols de hiele rykdom fan 'e Fryske skriuwtaal ta ús foldwaan, benammen lykas dellein yn 'e foarkarswurldlist fan Taalweb fan 'e Fryske Akademy. De Fryske Akademy hat dan ek in advisearjende rol yn it hiele proses. Fierders wurde in tal meilêsgroepen rieplachte, benammen op it mêd fan 'e begryplikens foar de jongere generaasje fan no.

Alde wurden en âlde saken

It mei helder wêze dat yn in tekst fan 2000 jier of âlder saken neamd wurde dy't wy net mear hawwe (realia, beroppen en soks) en dêr't gjin hjoeddeisk wurd foar te finen is. Yn sokke gefallen sil in wurd ynset wurde dat mooglik ferâldere is, mar wol de betsjutting goed werjout. In ferklearring kin dan as fuotnoat tafoege wurde.

Eigenheid fan it Frysk

Oersetten is transformearjen. De regels fan de boarnetaal binne net dy fan de doeltaal. Dat betsjut, dat de oersetters op in protte mêden de regels en wizânsjes fan de boarnetalen loslitte moatte. Dêroer sille yn 'e rin fan it proses hantrikkingen dien wurde troch de WBO. Hjirûnder neame wy al in pear foarbylden.

¶ Sinsbou en sinslangte Yn 'e regel brûke wy gâns koartere sinnen as it klassike en it Koinê-Grysk, en ek as it klassike Hebriuwsk. It is dan de keunst, de ienheid fan 'e sin yn 'e boarnetekst dochs op ien of oare manier wer te jaan.

¶ Modale tiidwurden It Frysk hat hiele oare middels om mooglikheden, winsklikheden, fermoedens en wissichheden út te drukken as it Grysk en it Hebriuwsk. Yn dy talen is bygelyks it brûken fan in ymperatyf (befelsfoarm) hiel gewoan. It Frysk docht dat minder gau, en kin ek kieze foar in konstruksje mei moatte. Benammen de ymperatyf mei negaasje is by ús hiel 'strang', en faak net in goede werjefte fan wat de boarnetekst bedoelt. Bettere mooglikheden binne faak 'Do moatst net' of sels 'Do hoechst net'.

¶ 'Fertelwurden' It proaza fan 'e Hebriuwsk Bibel is almeast sober mei wurden. De hjoeddeiske Europeeske talen brûke dêrneffens folle mear lytse wurdjes om sfear en gefoel oan te jaan. It Frysk hat dêryn wer syn eigen kleur. Foarbylden út in priuwke dat skreaun is foar de oersettersdei yn jannewaris 2020 út Genesis 37 (it begjin fan it ferhaal fan Joazef).

3 [...] want hy [Jakob] hie him [Joazef] noch op syn âlde dei krige. Hy hie him in wakker foarname mantel meitsje litten. 4 Syn broers murken dat wol: Joazef wie harren heit wizer mei, as al syn bruorren; dat se hiene mar in hekel oan him.

¶ Oansprekfoarmen It Frysk hat ferskate manieren om minsken oan te sprekken. Dêrby kin respekt oantsjut wurde mei jo, mar jo jout ek distânsje. Oan 'e oare kant kin de tredde persoan dat respekt likegoed oanjaan, mar dan sûnder dy distânsje. De tredde persoan is by ús gewoan yn famyljeferbân - jo sizze tsjin jins heit of mem soe slim ûnfatsoenlik wêze. In mooglikheid is ek noch, om ien yn 'e doetiid oan te sprekken, om in fraach of in opmerking minder direkt te meitsjen. Yn 'e gewoane twadde persoan kinne wy ûnderskied meitsje yn mear of minder neidruklike manieren fan tasprekken: de trije mooglikheden 'Adam, wêr bist / bisto / biste ?' hawwe allegear har eigen gefoelslading.

In tal oersetpriuwkes

Psalm 1

¹ Lokkich meist immen neame dy't gjin misdiedige plannen útfierd hat,
ien dy't net meidien hat mei ferkearde minsken
en him net ophâlden hat by in groep spotters,
² ien dy't wol nocht belibbet oan de Tora* fan de HEAR
en op syn Tora* studearret, dei en nacht.
³ Dy wurdt nammentlik krekt as in beam, oan streamend wetter plante,
mei fruchten op it goede momint en gjin dea blêd te sjen.
Wat er ek docht, it slagget him.
⁴ Sa net de misdiedigers.
Dy wurde krekt as tsjêf, de wyn blaast se sa fuort.
⁵ Sa komt it dat misdiedigers net oerein bliuwe foar it rjocht oer
en ferkearde minsken net yn de mienskip fan rjochtfeardigen.
⁶ De HEAR begrypt nammers wat rjochtfeardich libjen is.
In misdiedich bestean liedt nearne ta.

* Oer de oersetting fan Tora wurdt noch in beslút nommen.

Markus 1:1-6

Johannes de Doper preket by de Jordaan

¹ It begjin fan it evangeelje fan Jezus Kristus, de Soan fan God. ² By de profeet Jesaja stiet skreaun:
'Tink derom, ik stjoer myn boadskipper foar dy út,
dy sil it paad foar dy tariede.
³ Lûd klinkt in stim yn de woestyn:
"Meitsje de wei foar de Hear ree,
meitsje syn paden rjocht!"
⁴ Dit barde doe't Johannes de Doper nei de woestyn gie en de minsken oprôp om har dope
te litten en ta ynkear te kommen, om sa ferjouwing fan sûnden te krijen. ⁵ Alle ynwenners fan
Judea en Jeruzalem streamden ta en lieten har troch him dope yn de rivier de Jordaan, wylst
se har sûnden belieden. ⁶ Johannes hie in mantel fan kamelehier oan mei in learen gurdle
om 'e mul; hy libbe fan sprinkhoannen en wylde huning.

Hannelingen 8:26-40

Filippus en de Etiopiër

²⁶ In ingel fan de Hear sei tsjin Filippus: 'Meitsje dy klear en gean nei it suden oer de wei dy't fan Jeruzalem nei Gaza rint. It is dêr iensum.'²⁷ Filippus makke him klear en gie derhinne. Dêr moete er in Etiopiër, in eunuch, in hege amtner fan de kandake, de keninginne fan Etiopië, dy't it behear hie oer har skatkiste. Hy hie nei Jeruzalem west om dêr God te oanbidden²⁸ en no, op 'e weromreis, siet er yn syn reiswein de profeet Jesaja te lêzen.²⁹ De Geast sei tsjin Filippus: 'Gean derhinne en bliuw deun by dy wein.'³⁰ Hastich rûn Filippus derhinne en hearde dat er de profeet Jesaja lies. Doe frege er: 'Begripe jo wol wat jo lêze?'³¹ De Etiopiër antwurde: 'Hoe soe ik dat kinne as der net ien is dy't my paadwiis makket?' Hy nûge Filippus út om yn te stappen en by him sitten te gean.³² Dit wie it bibelstik dat er lies: 'As in skiep waard er nei de slacht brocht, en as in eike dat swijt foar de skearder, sa die hy de mûle net iepen.

³³ Hy waard fernedere en him is it rjocht ûntholden, wa sil it noch oer syn neiteam ha? Want syn libben wurdt fan dizze ierde weinommen.'

³⁴ De eunuch frege Filippus: 'Kinne jo my sizze oer wa't de profeet it hat? Oer himsels of oer in oar?'³⁵ Doe begûn Filippus him, útgeande fan dat skriftwurd, te fertellen oer it evangeelje fan Jezus.³⁶ Wylst se fierder rieden, kamen se by in wetter, en de eunuch sei: 'Sjoch, wetter! Wat is derop tsjin dat ik doopt wurd?'^{37*}³⁸ Hy liet de wein stilhâlde en tegearre rûnen se it wetter yn, Filippus en de eunuch, en Filippus doopte him.³⁹ Doe't se út it wetter kamen, griep de Geast fan de Hear Filippus en naam him mei, en de eunuch seach him net mear, mar optein reizge er fierder.⁴⁰ Filippus kaam yn Asdod telâne; dêrwei reizge er fierder en ferkundige er yn alle stêden it evangeelje, oant er yn Cesaréa kaam.

*Noat: Guon hânskriften hawwe noch: Doe sei Filippus: 'As jo mei jo hiele hert leauwe, dan mei it.' Hy antwurde: 'Ik leau dat Jezus Kristus de Soan fan God is.'

Romeinen 12:1-6a

It nije libben yn Kristus

¹ Bruorren en susters, mei in berop op Gods barmhertichheid freegje ik jim om jimsels yn syn tsjinst te stellen as in libben en hillich offer, dat God gefallich is. Dat is jim geastlike earetsjinst.² Jimme moatte jim net oanpasse oan dizze wrâld, mar oars wurde troch in nije geasteshâlding, dat jim gewaarwurde wat God fan jim wol, wat goed, folslein en him gefallich is.³ Mei in berop op 'e genede dy't my jûn is, sis ik tsjin elk fan jim dat jim jimsels net heger oanslaan moatte as jim past. Tink mar gewoan fan jimsels, yn oerienstimming mei it leauwe, dat de noarm is dy't God oan elk fan jim jûn hat.⁴ Wy hawwe ien lichem mei gâns lidden dy't net allegear deselde funksje hawwe.⁵ Sa foarmje wy mei-inoar ien lichem yn Kristus en binne wy, elk foar oar, lidden fan elkoar.⁶ Wy hawwe ferskate jeften, al nei de genede dy't ús jûn is.